

Koart IM oer Tsjêbbe Hettinga

Elmar Kuiper

Tsjêbbe syn poëzy is bysûnder. Earliksein ken ik allinne syn barokke en byldrike wurk, sis mar fan *Frjemde Kusten* (1995) ôf.

Pakt er my by de strôt? Soms ja, lykas yn ‘It Wikeler Hop’, dat ek opnommen is yn ‘e *Spiegel van de Friese Poëzie* en wêryn’t er yngeand skriuwt oer himsels, oer it krús dat er draacht ‘fan terp nei terp’. Yn dit magistrale fers lit er stadich in hiele wrâld foarby skowe, as sitst tegearre mei de dichter op syn fakânsjeboat en nimt er dy mei nei it gea, dêr’t it optilt fan boeren, hynders, fûgels en fammen. Mar it is gjin nostalgyske trip.

It bewustwêzen spilet net swak by, de ik figuer yn niisneamd fers wit krekt wat der yn en om him hinne te rêden is: hy priuwt, rûkt, fielt en harket en docht dat hiel puer. It waar is as in siden bûsdoek. De dichter is in skôger, in wiisgear sûnder wetich te wêzen, in Boeddha dy’t leaver observearret en notearret. Hy docht dat hiel sekuer. Yn guon oare fersen lit er him, nei myn smaak, wolris wat te maklik op ‘e weagen fan taal meidriuwe, mis ik bygelyks in hân dy’t ris dwers tsjin it hier ynstrike wol, de stop út it bad hellet. Ik mis in mûle dy’t in rare pûster makket. Frjemd, mar ik soe de dichter wolris oars moetsje wolle, tafallich, op in handoek mei in dolfyn derop, earne op it strân of sa. Ik soe ris in rigel lêze wolle dêr’t hynders kalmwei de tosken yn ‘e hikke sette. En mear net. Hoewol’t it entûsjasme fan de rigels ôfspat giet in fers as ‘Oankomst’ suver te sink oan ‘e eigen wielde. It is in hynst mei te moai behang. Dat is fansels in kwestje fan smaak. Faaks hat dat te krijen mei, ik jou it fuort ta, myn ferlet om sljochtwei betsjutting te jaan oan ‘e wrâld yn en om my hinne.

De ik-figuer yn Tsjêbbe syn ‘It Wikeler Hop’ doarmet om, nimt lankmoedich yn him op, beskôget, wylst de ik yn myn poëzy der net te lang om hinne draaie wol, fuortynienen taslacht as in rôfdier. It wol sawol hyperpersoanlik, subjektyf - partikulier foar myn part - én saaklik it paad sljochtsje, om’t dy ik earne nei ta wurkje wol, nei in punt, nei neat, nei de kick fan it neat. Hy makket gjin omreis en lit njoggen fan ‘e tsien slûpwegen links lizze. Dochs stelt dy ik ûnderweis in soad fragen. Tsjêbbe brûkt in ryk boeket oan (argaïske) wurden dêr’t ik fan sis: se rûke hearlik en der skimeret my wol wat, mar freegje my no net nei de krechte betsjutting. In kear, doe’t ik noch net sa lang oan it skriuwen wie, ferdútste er my, dat it foar him der net in soad ta die. Dy ynhâld, dy betsjutting.

Wêrom eins net? Op dat stuit hie’k net de kriich yn ‘e bealch om him der ris oer te tantsjen. Slim fûn ik dat net. Priuw it mar Kuiper, tocht ik doe by mysels en tenei lies ik Tsjêbbe syn fersen mei oare eagen. In pear jier lyn, by in optreden yn Eksmoarre, frege ik him wêrom’t er ‘mûzebiter’ as

‘kiekendief’ oersette litten hie. Ik fernuvere my der oprjocht oer: hoe kinst dat no dwaan frege ik mysels ôf. Mar Tsjêbbe lake derom en joech oan dat ‘kiekendief’ ommers folle better bekke as buizerd. Der siet wat yn fansels, mar earliksein noaske it antwurd my net. Yn myn eigen ‘monomane’ gedachten en gefoelswrâld hiene de ferskynsels, de dingen allegear har eigen namme en plakje en woe’k perfoarst neat feroarje, de noas fan ’e dichtersskoech net ynsmarre mei poetsersguod.

Tsjêbbe wie in op en top professional. As er in optreden hie, naam er syn eigen lûdfersterkers mei. Hy wie altyd rom op ’e tiid foar de soundcheck. Ik moat sizze dat ik in soad fan him opstutsen ha. Hy preau de wurden as in sjefkok op ’e tonge en liet it publyk dy wurden ek priuwe. De oerdracht wie yntins, der siet neat tusken him en it publyk yn, gjin opsprekkerij of anekdoate hoe’t in fers ta stân kaam wie. It fers woe er sa goed mooglik, yn syn hiele hear en fear, hearre litte. Mei de mûle ticht tsjin ’e mikrofoan oan, resitearre er syn wurden. It fers kaam út ’e djipten fan ’e siel.

As ik ‘It Wikeler Hop’ wer lês, ornaris ien fan myn favorite fersen, struit Tsjêbbe mei punten en komma’s, wylst er ‘live’ gjin punten like te setten. De kearen dat ik by ien fan syn optredens oanwêzich wie, as taskôger of dielnimmer oan ien of oar festival, hold er wolris ho as er in fers foardroech, om te sykjen nei de kreative yngrediïnten, nei in ûns derby of in pûn derôf. En hookstrooks feroare soms de toan en krige it fers in oare lading. As Tsjêbbe syn stim in oktaaf omheech gie, like it wol of moast er it út ’e teannen wei helje. Hy behearske dit as gjin oar. Klom er earder, yn ’e tiid dat Verhoeff in doku oer him makke, efter de mikrofoan noch jubeljend as in ljurk omheech, om him, tsien rigels letter, samar yn it gers delploffte te litten, de lêste jierren wie er frijwat ‘konstant’ fan toan. Dy toan wie suver ierdk. Blykber woene de wurden oan ’e grûn klibje, twongen se sêftmoedich har betsjutting en bestimming ôf. En Tsjêbbe, as gids, boetsearre fakkundich it fleis derom hinne. En dat die er goed. Ik fûn dat hiel bysûnder.

